

*It Paradyske nûmmer 1 en2 yn Jelsum.*

*Yn 1832 wie Feike Hotses Bijl fan dizze twa húzen de eigner.*

*Foto hjirúnder.*



*Hy wie koopman en winkelman. Foar 1832 stiene beide húzen der al, stiet beskreaan yn it kadaster, wat doe oprjochte is.*

*Yn 1820 stie Bijl ek ynskreaan as ‘gardenier’, dat woe sizze dat hy buorkery hie.*

*Hij is ferstoarn yn 1836. Doe erfde sy'n dochter Grietje Feikes Bijl, widdo-frou fan Tsjitse Reins Steenstra beide húzen.*

*Yn 1872 ferkeapet hja nûmer ien oan timmerman Douwe Cornelis Bosma.*

*Neidat hy ferstoarn is erft soan Connelis Douwe Bosma it hús, ek timmerman en stiet hjir mei sy'n frou Aukje op it stalt. Hja wiene de âlders fan Douwe Bosma, dy't lange jierren ek in timmersaak yn Jelsum hie.*



*Yn 1967 keapet Rinze Bloemhof, arbeider by feefokker Jan Wassenaar, it sté en ferkeapet it yn 1979 oan Matheus Creemer, die it in pear jier letter wer ferkeapet oan Auke Smit. Auke Smit is ek famylje fan Bloemhof en berne yn Koarnjum .*

*Neitiid is dit stê ferskate kearen yn de ferkeap west en ôfrúne jier wie dat de lêste kear dat der in buordsje foar ferkeap yn de tûn stie.No is de fam. Malelaar de eigner.*

*Ik ha alris in stikje oer nûmer ien yn de flapút setten, mar krige fan Alexander Tuinhout der no noch in grutter ferslag fan. Doe't ik him hjir nei frege oft hij ek wat wist fan " it paradyske " nûmmer twa. Sadoande sil ik dit allegearre mar wer efkes werhelje.*

*Dan de neischjirigheden oer it wenhûs nûmmer twa: Yn 1832 wie dus deselde Feike Hotses Bijl hjirfan ek de eigner, en nei sy'n ferstjerren wurdt dus hjirfan deselde dochter Grietje de eigenaresse.Hja hald it yn har besit neidat hja yn 1885 komt te ferstjerren. Hja hat dêr yn 1868 in tsiispakhûs by bouwe litten, dat treie jier letter wer ôfbrutsen waard.*

*Hoe grut de omfang fan dat tsiispakhûs west is stiet der net by. Mar yn dy tiid wiene de sûvelfabryken der noch net, dy't krekt foar 1900 as cooperaasje de molke by de boeren weihelle en der ûnder oaren tsiis en bûter fan makken foar harren boeren. Dêrfoar moasten hja sels noch bûter en tsiis thús meitsje op de buorkery. In soad wurk naam dat yn beslach. Dan waard dat yn Ljouwert of oare stêden ferkocht yn b.v .it saneamde waaggebou. Sa'n waaggebou stie ûnder oaren yn Ljouwert op de nijstêd.*

*Nei har ferstjerren yn 1885 wurdt har soan Taede Tjitses Steenstra de eigner, keapman, dy't it yn 1922 wer ferkeapet oan de rintener fêhâlder Marten Dirks Mellema, dy't it yn 1940 wer ferkeapet oan fêhalder Lieuwe de Jong.*

*De Jong lit der yn 1951 in opfallende wein- en heaberging by de stal bouwe sa as hy der no noch utsjocht.*

*Foto hjirneist.*



*Yn 1983 wurde soan Yke de Jong mei sy'n frou de eigners en no wennet, nei it ferstjerren fan Yke op 9 maart 2018. frou de Jong der noch.*

*Sa komme je ynienen samar oan in soad ynformaasje fan ien fan de âldste wênhûzen dy't Jelsum ryk is.*

*Piet..*